



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Jezus ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!” ropt se dan.

Jezus yn de woestyn

Lukas 4,1-14

Jezus wie noch kletstrochwiet doe’t er werom rûn by de Jorjaan wei. De Geast fan God hie Him feroare. Syn Heit yn ’e himel ferwachte wat fan Him. Mar wat? Hoe soe dat nije libben dêr’t Johannes it oer hie, der útsjen?

Jezus suchte... Hy woe no wol graach efkes allinne wêze.

De Geast fan God brocht Him nei de woestyn. Mar wie Er dêr wol allinne?

“Johannes! Johannes!” Sara kaam hymjend nei Johannes tarinnen en hakkele: “Jezus rint de woestyn yn. Ik ha it echt sjoen.”

Johannes stie klear om in frou te dopen, mar doe’t er Sara seach, wachte Er efkes en sei: “Famke dochs, wat bisto oerstjoer. Wêr is dyn broer?”

Sara knikte: “En Simon hat it ek sjoen! Echt wier, Johannes! Jezus gie al hielendal allinne en dat is gefaarlik.”

Heit en mem hiene Sara en Simon altyd warskôge foar de woestyn. It kin dêr hurd waaie en der is gjin wetter. Heit sei altyd: “Gean noait allinne de woestyn yn!”

Johannes struts Sara oer it hier en sei: “Nee, Sara, Jezus is net allinne! Syn Heit yn ’e himel is by Him! Dy lit Him echt net allinne gean.”

Yn 'e woestyn hearde Jezus in falske stim. It wie de duvel dy't sei: "Ik wol leauwe datsto *no* wol in kear honger hast, Jezus. Hjir yn 'e woestyn is neat te iten. Mar asto Gods Soan bist, dan kinsto ommers fan de stiennen dy't hjir lizze wol bôlen meitsje."

Jezus skrok fan dy falske stim en sei: "Nee, dat doch ik net! In minske kin fan bôle allinne net iens libje."

Jezus wist wol better. Echt libje is as minsken dogge wat God freget!

Mar dy falske stim liet it der net by sitte. Dy brocht Jezus boppe op in berch en sei: "Sjoch ris om dy hinne, Jezus. Watst no sjochst binne de grutste en machtichste keninkriken op ierde. Asto foar my op 'e knibbels giest, dan binne dy prachtige lannen foar dy."

Jezus skrok opnij. Wat in trochtrape en gemien foarstel. Hy antwurde: "De Hear, dyn God, moatsto oanbidde. Asto syn wurden hearst en dochst, dan silst leare om faninoar te hâlden. Dan is God altyd by dy!"

Foar de tredde kear besocht dy falske stim Jezus yn syn macht te krijen. Hy naam Jezus mei nei Jeruzalem en sette Him op de râne fan it dak fan de timpel.

De falske stim rôp: "Do bist dochs de Soan fan God? Spring dan nei ûnderen en fertrou op God. Syn ingels sille dy opheine en drage. Dan bitst der wis fan datst de Soan fan God bist."

Jezus gie rjochtop stean, seach frij om him hinne en antwurde: "Dat doch ik net! Immen dy't op God fertrout, harket net nei sokke praatsjes."

Doe joech de duvel him ôf en liet Jezus in skoftke mei rêst...

Fjirtich dagen lang hat Jezus troch de woestyn swalke, sûnder dat der iten en drinken wie. Mar doe wist Er it wis: de nije tiid *is* al begûn. En God is der by!

De sinne wie hast ûnder. De loft kleure moai read. Sara, Simon en heit en mem sieten ûnder de beam.

Sara frege: "Is Jezus dan noait allinne!"

Simon fûn it mar in domme fraach. Hy sei koartwei: "Nee! Ek net yn de woestyn!"

"Pûhhh... Do mienst datst alles better witst," blaasde Sara.

Sara en Simon seagen beide nei heit en mem. Soene dy it witte?

Heit wachte efkes... Syn eagen strielen doe't er sei: "Jezus hat in Heit yn 'e himel en dy is der altyd by. Ek doe't dy falske stim tocht dat er Jezus wol oerhelje koe."